

University of Groningen

Ynkoarte nammen yn it Frysk

Visser, Willem

Published in:
Us Wurk, tydskrift foar Frisistyk

DOI:
[10.21827/5c580f12521e7](https://doi.org/10.21827/5c580f12521e7)

IMPORTANT NOTE: You are advised to consult the publisher's version (publisher's PDF) if you wish to cite from it. Please check the document version below.

Document Version
Publisher's PDF, also known as Version of record

Publication date:
2019

[Link to publication in University of Groningen/UMCG research database](#)

Citation for published version (APA):
Visser, W. (2019). Ynkoarte nammen yn it Frysk. *Us Wurk, tydskrift foar Frisistyk*, 68(1-2), 49-69.
<https://doi.org/10.21827/5c580f12521e7>

Copyright

Other than for strictly personal use, it is not permitted to download or to forward/distribute the text or part of it without the consent of the author(s) and/or copyright holder(s), unless the work is under an open content license (like Creative Commons).

Take-down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

Downloaded from the University of Groningen/UMCG research database (Pure): <http://www.rug.nl/research/portal>. For technical reasons the number of authors shown on this cover page is limited to 10 maximum.

[1454] Ynkoarte nammen yn it Frysk

Willem Visser

Summary

Frisian has four types of hypocoristic names, viz. diminutive names, ‘real’ hypocoristics, names ending in -i/ (-<y>), and shortened names. The latter are the subject of this article. Shortened names are argued to be in accordance with the scheme ‘shortened name = diminutive name minus diminutive suffix’. This means that there is a strong formal relationship between these two name types, for which ample evidence is put forward. These names derive from diminutive names by omitting the diminutive suffix. The morphological operation of ‘suffix subtraction’, however, is rare in Frisian morphology. In fact, it seems to be needed for the derivation of shortened names only, which renders it a somewhat suspicious option. Shortened names occupy a position in between diminutive names, ‘real’ hypocoristics, and y-names, that is, they share properties with all these types of names (and differ from them as well). They thus have their own place in the Frisian landscape of names.

1. Ynlieding¹

De grûnfoarm fan persoansnammen wurdt wol gauris omfoarme. Dat kin yn alle gefallen op de trije neikommende wizen. Sa kin fan in namme in ferlytsingsnamme foarme wurde, dêr’t yn (1) foarbylden fan jûn wurde:

1. Op 24 april 2018 haw ik op de ‘1st Conference on Frisian Humanities’ in lêzing oer dit ûnderwerp holden. De oanwêzigen dêr wol ik hjirby betankje foar de fragen en opmerkingen yn it neipetear; ik haw der myn foardiel mei dwaan kinnen. Siebren Dyk komt in wurd fan tank ta foar it besjen fan de earste ferzje fan dit stik; syn op- en oanmerkingen is it abslút net minder fan wurden.

Yn myn stik oer y-nammen (Visser (2016)) haw ik op side 121-128 ynkoarte nammen ek op it aljemint brocht. It tinken deroer is neitiid fierder gongen en it liek my goed ta om der yn in apart stik nochris oer gear.

De term ‘hypokorisme’ brûk ik hjir as sammelnamme foar ferlytsingsnammen, flaiinammen, y-nammen en ynkoarte nammen. Mei ‘flaiinamme’ doel ik allinnich op nammen lykas dy yn (2) hjirnei: *Poai* (neist *Froukje*), *Kanne* (neist *Jan*), *Kei* (neist *Gjerryt*) en *Kike* (neist *Grytsje*), d.w.s., nammen dy’t neffens de grûnfoarm omfoarme binne nei foarmen mei in ûnmarkearre fonologyske struktuer.

(1) *foarbylden fan ferlytsingsnammen*

<i>grûnfoarm</i>	<i>ferlytsingsnamme</i>
Age (m)	Aachje (f)
Jan (m)	Jantsje (f)
Lolle (m)	Lolke (m)/Loltsje (f)
Lolke (m)	Lolkje (f)
Wobbe (m)	Wopke (m)

Ferlytsingsnammen wurde neffens itselde prosedee fan de grûnfoarm fan persoansnammen ôflaat as ferlytsingswurden fan haadwurden. Sjoch fierder Visser (2003).

In namme kinne ek omfoarme wurde ta in flaaïnamme. Yn (2) steane in pear foarbylden:

(2) *foarbylden fan flaaïnammen*

<i>grûnfoarm</i>	<i>flaaïnamme</i>
Froukje	Poai
Grytsje	Kike
Jan	Kanne
Gjerryt	Kei

Flaaïnammen falle foaral op troch de ûnmarkearre fonologyske struktueren dy't se hawwe. Sa komme yn de foarbylden yn (2) de markearre oanset *j-* (*Jan*) en de markearre komplekse oansetten *fr-* (*Froukje*), *gr-* (*Grytsje*) en *gj-* (*Gjerryt*) yn *Kanne*, *Poai*, *Kike* en *Kei* net werom, wylst de (markearre) rûzer *f* troch de (ûnmarkearre) ploffer *p* (*Froukje* → *Poai*) en de (mear markearre) stimhawwende ploffer *g* troch de (ûnmarkearre) stimleaze wjergader *k* (*Grytsje* → *Kike*, *Gjerryt* → *Kei*) ferfongen binne. Dêrtroch hat *Kike* twa deselde bylûden, wat yn flaaïnammen in soad foarkomt. Sjoch fierder Visser (2010).

Dan kin in namme ek in saneamde *y*-namme neist him krije, sjoch (3) foar guon foarbylden:

(3) *foarbylden fan y-nammen*

<i>grûnfoarm</i>	<i>y-namme</i>
Aaltsje	Aly
Albert	Appy

Aldert	Ally
Harmke	Hammy
Oepke	Oepy
Sibrichje	Sipy
Ulbe	Uppy
Wibren	Wipy

y-nammen binne twawurdlieddich en geane op -y út. Sjoch fierder Visser (2016).

De oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, flaaianammen, en y-nammen wurde yn it skema yn (4) werjûn:

(4) *oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, flaaianammen, en y-nammen*

	ferlytsingsnammen	y-nammen	flaaianammen
man&frou	+	+	+
'rekursiviteit'	+	–	+
suffiks	+	+	–
trogee	+/-	+	+
tal wurdlidden	≥ 2	2	≤ 2

Ut (4) kin opmakke wurde:

- dat ien en deselde ferlytsingsnamme, flaaianamme of y-namme foar manlju en froulju brûkt wurde kin (sjoch 'man&frou');
- dat fan in ferlytsingsnamme in nije ferlytsingsnamme ôflaat wurde kin (dûbele ferlytsing) en fan in flaaianamme in nije flaaianamme, mar dat in y-namme dy mooglikheid net hat (sjoch 'rekursiviteit');
- dat der by it ôflieden fan ferlytsingsnammen en y-nammen gebrûk makke wurdt fan in suffiks, mar by it ôflieden fan flaaianammen net (sjoch 'suffiks');
- dat y-nammen en flaaianammen in trogeysk metrysk patroan hawwe, mar ferlytsingsnammen net persee (sjoch 'trogee');
- dat y-nammen strikt twawurdlieddich binne, mar ferlytsingsnammen en flaaianammen net persee (sjoch 'tal wurdlidden').

As fjirde type binne der wat ik hjir as 'ynkoarte nammen' beneame sil. It giet dêrby om nammen dêr't in ferlytsingsnamme neist stiet. Yn (5) wurde der, oardere neffens de ûnderskate ferlytsingssuffiksen, foarbylden fan jûn:²

2. De rychjes yn (5) binne fierhinne basearre op dy yn (31) yn Visser (2016:123).

(5) *foarbylden fan ynkoarte nammen*

a.	ferlytsingsnamme op <i>-je</i>	ynkoarte namme
	Aachje	Aach
	Baukje	Bauk
	Fokje	Fok
	Hylkje	Hylk
	Rykje	Ryk
	Swobkje	Swobk
	Teakje	Teak
b.	ferlytsingsnamme op <i>-tsje</i>	ynkoarte namme
	Fetsje (Fet+tsje)	Fet
	Fintsje	Fin
	Hiltsje	Hil
	Ibeltsje	Ibel
	Ytsje (Yt+tsje)	Yt
	Jeltsje	Jel
	Metsje (Met+tsje)	Met
	Tetsje (Tet+tsje)	Tet
	Tryntsje	Tryn
	Tsjaltsje	Tsjal
c.	ferlytsingsnamme op <i>-ke</i>	ynkoarte namme
	Beitske	Beits
	Fimke	Fim
	Gelske	Gels
	Gepke	Gep
	Jantke	Jant
	Japke	Jap
	Klaske	Klas
	Liefke	Lief
	Nynke	Nyn
	Saapke	Saap
	Tsjepke	Tsjep
	Wopke	Wop

Yn dit stik wol ik dizze ynkoarte nammen besjen mei it each op de formele aspekten en (it aard fan) de foarming (§ 2). Dêrneist wol ik ek, koart, wat sizze oer de gebrûksaspekten (§ 3).³

2. De foarming fan ynkoarte nammen

Yn (5) hjirboppe bin ik derfan útgongen, dat in ynkoarte namme fan in ferlytsingsnamme ôflaat wurdt. Yn dizze paragraaf wol ik dêr arguminten foar bybringe (§. 2.2). Yn § 2.3 jou ik in ôfliedingsskema foar ynkoarte nammen dat de relaasje tusken de grûnfoarm fan de namme en de ynkoarte foarm werjout. Problematyske útkomsten fan ynkoarting komme yn § 2.4 op it aljemint, wylst, as lêste, yn § 2.5 in morfologyske regel formulearre wurdt. Earst wol ik, yn § 2.1, lykwols koart wat sizze oer de âldens fan dit slach namme.

2.1 De âldens fan ienwurdliiddige nammen

Ienwurdliiddige frouljusnammen lykas *Ansk*, *Bauk* en *Houk* hawwe âlde brieven. Schurer (1939:20) seit dêroer: “Uit de eeuwen vóór 1700 zijn ons overgebracht de volgende vrouwnamen, vaak ook in het aparte spellingskleed van die tijden: *Fock*, *Romk*, *Ansk*, *Hylck*, *Frouck*, *Imck*, *Popk*, *Sjouck*, *Bouk*, *Foeck*, *Wyck*, *Tjamck*, *Bayck* [*Bauk*, wv], *Siuwk*, *Swobk*”.⁴

Yn de Aldfryske oarkunden is te sjen, dat in frouljusnamme as *Bauke* troch weifal fan it einichste lûd – nei alle gedachten sjwa – ta de koarte, ienwurdliiddige foarm *Bauk* wurde koe, wylst in manljusnamme as *Bauka* troch reduksje fan it einichste folle lûd (<a>) oergean koe ta *Bauke*. De namme *Bauke* moat dan dus, in skoft alteast, foar manlju en froulju te brûken west

-
3. Der binne pearen nammen lykas *Dineke* - *Dyn*, *Fenneke* - *Fen* en *Tineke* - *Tyn*. Dat liket derop te wizen, dat *-eke* by nammen as in aparte froulike (ferlytsings)útgong funksjoenearret, in opsje dy't yn Visser (2003:279) neamd wurdt. En al hat men by de y-nammen net mei ferlytsing te krijen (Visser (2016:96-98)), op grûn fan nammeparen as *Betty* - *Bet*, *Elly* - *El*, *Epy* - *Eep* en *Oepy* - *Oep* soe men dochs oannimme kinne dat *-y* yn y-nammen de funksje fan ferlytsingssuffiks hat. Yn rou-advertinsjes sjocht men wol gauris, dat neist nammen as *Wibren* en *Wibrichje* de koarte foarm *Wyp* stiet. Dy soe dan fan de y-namme *Wipy* ôflaat wêze kinne, mar in streekrijochte ôflieding fan de grûnfoarm liket ek mooglik te wêzen. Ik behein my yn dit stik lykwols ta ynkoarte nammen op grûn fan 'wiere' ferlytsingsnammen.
 4. Al liket de formulearring dy kant út te wizen, it wol my net oan dat Schurer derop út wol, dat de rige nammen dy't er hjir jout in folsleine list útmakket. Fierderop neamt er it rychje *Sjouck*, *Jei*, *Ock*, *Foek*, *Jel*, dêr't er “enz.” op folgje lit.

hawwe. Yn 'e rin fan 'e Aldfryske tiid waard dit systeem swakker en begûn it gebrûk fan de ûnderskate foarmen trochinoar te rinnen.⁵

Sokke ienwurdliddige frouljusnammen fynt men ek yn wat tradisjoneel as it (iere) Midfrysk oantsjut wurdt, lykas yn de 17^{de}-iuwske gearspraak *Ansck in Houck* en yn Gysbert Japicx syn fers *Tjesck-Moars see-ængste*. Guon kinne it oant yn ús tiid útholden hawwe. Meastal moat it lykwols sa gongen wêze, dat sokke nammen earst ferlytsing ûndergongen hawwe en dat der fan de sa foarme ferlytsingsnammen wer ynkoarte nammen ôflaat binne. Schurer (1939:21) seit yn dat ferbân:

En het zijn dezelfde namen [de ienwurdliddige frouljusnammen earder yn it sitaat: *Fock, Romk*, ensfh., wv], die nog heden ten dage de schoolmeisjes, spontaan als ze zijn in de hitte van het spel, — met verwaarloozing van latere, zachtere vormen elkaar toeroepen: “Do moast, *Sjouk!* ‘t Is dyn beurt, *Hylk!* Né *Foek*, det ‘s net earlik en do kreauwst (schelmen) ek mei, smoarge *Lutsk!*”

Latere, zachtere vormen? Ja, want toen na de gouden eeuw vol kracht en energie de meer slappe en zoetsappige 18e eeuw aanbrak, toen vond men die namen zeker te hard, te “bot” voor zachte en berustende vrouwen en alsof het reeds geen verkleinwoorden waren, werd achter de *k*, eigenlijk *ke*,⁶ een nieuwe lytsmakker geplaatst en werden *Frouck* en *Hylk* en *Popk* tot *Froukje*, *Hylkje* en *Popkje* verheven. (...) Terug naar het land! Ik bedoel naar onze eigen onvervalschte uitgangen. Er is ook een gezonde reactie evenwel, die terugkeert naar de 16e en 17e eeuwsche vrouwen-namen: *Sjouck*, *Jei*, *Ock*, *Foek*, *Jel* enz.

It liket sa te wêzen, dat Schurer hjoeddeistige ienwurdliddige frouljusnammen as *Sjouk*, *Jei*, *Ok*, *Foek* en *Jel* as ynkoartingen fan de ferlytsingsnammen *Sjoukje*, *Jeike*, *Okje*, *Foekje* en *Jeltsje* sjocht. De ôflieding fan sokke ienwurdliddige nammen út ferlytsingsnammen moatte lykwols ûnôfhinklike argumenten foar bybrocht wurde. Yn de paragraaf hjirnei sil dêr in smiet op dien wurde.

5. Dizze wysheid tankje ik oan Oebele Vries.

6. Schurer giet der dus fan út, dat *Frouk* en *Hylk* ferlytsingsnammen binne. Hoe't er de einichste *-k* sjocht, as in 'lytsmakker' op himsels of as it oerbliuwsel fan de lytsmakker-*ke*, dêr lit er him net oer út.

2.2 *Wêrom oft ynkoarte nammen fan ferlytsingsnammen ôflaat wurde moatte*

Yn it Frysk binne der moai wat net-gearstalde nammen dy't op in sjwa út-geane.⁷ In namme fan dy foarm is yn fierwei de measte gefallen in manljusnamme.⁸ No binne der pearen nammen te foarmjen mei oan 'e iene kant in manljusnamme op in sjwa en oan 'e oare kant in frouljusnamme sûnder sjwa, dêr't yn (6) foarbylden fan jûn wurde:

(6) *foarbylden fan pearen fan in manljusnamme op in sjwa en in frouljusnamme dersûnder*

manljusnamme op in sjwa	frouljusnamme dersûnder
Hille	Hil
Fimme	Fim
Ale	Aal

Op grûn fan sokke nammepearen soe men oannimme kinne, dat fan in manljusnamme op in sjwa in ynkoarte frouljusnamme, sûnder sjwa, ôflaat wurde kin. Sa'n ôfwikseling tusken foarmen op in sjwa en foarmen dêrsûnder hat men ek by haadwurden, sjoch de foarbylden yn (7):

(7) *foarbylden fan haadwurden mei en sûnder in einichste sjwa*

blabze	blabs
dauwe	dau
doaze	doas
fluite	fluit
hekse	heks
snotte	snot
spjelde	spjeld
stjerre	stjer
wolle	wol

Mar wylst it yn (6) om ferskillende soarten nammen giet, t.w. manljus- en frouljusnammen, hat men yn (7) inkel mei foarmfarianten te krijen.⁹ It liket

7. Ferlytsingsnammen geane ek op in sjwa út, mar sjwa is dêr primêr diel fan it ferlytsingssuffiks.

8. In foech parallel by de haadwurden is, dat in net-gearstald haadwurd op in sjwa, mei in pear útsûnderingen, in *de*-wurd is.

9. De haadwurden yn (7) binne beide *de*-wurden. Der binne ek gefallen dat it grammatikaal slachte wikselet, lykas by *de souwe - it sou* en *de oarde - it oard*. It lidwurd *de* is keppele oan de foarm op in sjwa.

dan ek net oannimlik, dat de relaasje tusken de foarmen yn (6) en (7) gelyk is.

It patroan yn (6) liket him ek te oppenearjen yn oare pearen fan manljus- en frouljusnammen, sjoch (8) foar foarbylden:

(8) *mear foarbylden fan pearen fan manljusnammen op in sjwa neist frouljusnammen dersûnder*

manljusnamme op in sjwa	frouljusnamme dersûnder
Auke	Auk
Bauke	Bauk
Feike	Feik
Houke	Houk
Ypke	Ypk
Sjouke	Sjouk

Der is lykwols in ferskil tusken de manljusnammen yn (6) en dy yn (8). Yn (6) binne it net-gearstalde nammen, yn (8) binne it ferlytsingsnammen (alle-gearre mei it suffiks *-ke*).¹⁰ As de frouljusnammen yn it rjochter fan de manljusnammen yn it lofter rychje ôflaat wurde, dan giet it hjir om it delearjen fan in part fan it suffiks. Dy foarm fan sjwa-deleesje is allinnich fonologysk te begripen – yn it gefal dat sokke nammen har yn flugge, ferbûne spraak oppenearje – mar op morfologyske grûnen is er net te motivearjen. Deleesje fan in part fan in suffiks is in net-reguliere morfologyske operaasje. It is net oannimlik dat it skrassen fan it segmint sjwa hjir de oergong fan in manljus- nei in frouljusnamme bewurkmasterje kin, wylst der oan dy operaasje oars it tafoegjen fan in hiel suffiks te pas komme moat.

Men kin lykwols ta in generalisearjende ôflieding fan de ienwurdliiddige nammen yn (6), *Hil* ensfh., en (8), *Auk* ensfh., slagje mei oan te nimmen dat in ynkoarte namme fan in ferlytsingsnamme ôflaat wurdt. Dan komt it der mei de nammen yn (6) en (8) út te sjen as yn (9):

10. Fan in manljusnamme kin mei it taheakjen fan in ferlytsingsútgong in oare manljusnamme of in frouljusnamme ôflaat wurde (sjoch Visser (2003)). Yn (8) hat men manlike ferlytsingsnammen. Histoarysk sjoen binne *Auke*, *Bauke*, *Feike*, *Houke*, *Ypke* en *Sjouke* ôflaat fan *Auwe*, *Bauwe*, *Feie*, *Houwe*, *Ipe* en *Sjou*, nammen dy't net allegear mear yn algemien gebrûk lykje te wêzen.

(9) *hypoteze oer de ôflieding fan de ienwurdliddige nammen yn (6) en (8)*

ferlytsingsnamme	ynkoarte namme
Aaltsje	Aal
Aukje	Auk
Baukje	Bauk
Feikje	Feik
Fimke	Fim
Hiltsje	Hil
Houkje	Houk
Ypkje	Ypk
Sjoukje	Sjouk

Der binne ûnderskate oanwizingen dat ynkoarte nammen in nauwe bân mei ferlytsingsnammen hawwe, mei oare wurden, dat (9) in oannimlike hypoteze oer (de rjochting fan) de ôflieding fan ynkoarte nammen út liket te drukken.

Yn it earste plak giet ferlytsing faak lykop mei *brekking* en *lûdferkoarting*. No foarmje ienwurdliddige wurden net de geunstichste kontekst foar dy prosessen. Brekking wol yn sokke wurden noch it bêste, wannear't se op in bylûdkloft útgeane, al binne der ek ienwurdliddige wurden op in inkel bylûd mei brekking, lykas *skjin*, *skuon*, *ljip* en *guod* (sjoch Visser (2002: 204-205 (§ 4.1.2))). Ienwurdliddige frouljusnammen op in inkel bylûd komme ek mei in brutsen of ferkoarte lûd foar. Dat lit him goed ferklearje mei de oannimming dat in ynkoarte namme fan in ferlytsingsnamme ôflaat wurdt en dêr it brutsen of koarte lûd fan oernimt. Dat hat pearen nammen opsmitten mei oan 'e iene kant ienwurdliddige manljusnammen mei in sintralisearjend twilûd/lang ienlûd en oan 'e oare kant ienwurdliddige frouljusnammen mei it 'korresponderjende' brutsen twilûd/koarte ienlûd. Yn (10) wurde de gefallen fan dy ôfwikseling jûn dy't Hoekema (1986) neamt:¹¹

11. Hoekema neamt ek it nammepaar *Sjoerd* [sjuət] - *Sjurd* [sjøt]. Wurden mei de kombinaasje *-joe-* (-[juə]-) hawwe syngroan faak ôflate wjergaders mei *-ju-* (-[jø]-), lykas *djoer* - *djurder/djurst/djurte* en *fjoer* - *fjurje/fjurke/fjurren/fjurrich*. Foarmen as *djurder* en *fjurje* soenen út 'e brutsen foarmen *djworder* (út *djoerder*) en *fjworje* (út *fjoerje*) ôflaat wurde kinne, mar *-ju-* koe ek ûntstien wêze út in al yn 'e Aldfryske tiid ferkoarte lang /o:/-lûd, dat letter nei in posysje foarliker yn 'e mûle opskood is (Visser (2002: 225)). Dêrom is it nammepaar *Sjoerd* - *Sjurd* net yn (10a) en (11a) opnommen.

(10) *spoaren fan brekking en lûdferkoarting yn ienwurdliiddige frouljusnammen*a. *brekking*

manljusnamme mei in sintralisearjend twilûd	frouljusnamme mei in brutsen twilûd
Nies [niəs]	Njis [njis]
Riem [riəm]	Rjim [rjim]
Ruerd [ryət]	Rjurd [rjət]
Doed [duət]	Duod [dwot]
Oeds [uəts]	Uods [vwots]
Roel [ruəl]	Ruol [rwol]
Beart [brət]	Bjert [bjət]
Geart [grət]	Gjert [gjet]

a. *lûdferkoarting*

manljusnamme mei in lang ienlûd	frouljusnamme mei in koart ienlûd
Jaap [ja:p]	Jap [jap]
Klaas [kla:s]	Klas [klas]

It brutsen en it koarte lûd yn de nammen yn de rjochter rychjes kin men op ienfâldige wize ferklearje troch oan te nimmen dat dy nammen ynkoartingen fan in ferlytsingsnamme binne, sa't yn (11) oanjûn wurdt:

(11) *ynkoarting by de nammen yn (10)*a. *nammen mei brekking*

Njis	<	Njiske
Rjim		Rjimke
Rjurd		Rjurdsje
Duod		Duodsje
Uods		Uodske
Ruol		Ruoltsje
Bjert		Bjertsje
Gjert		Gjertsje

b. *nammen mei lûdferkoarting*

Jap	<	Japke
Klas		Klaske

It (folle) lûd fan *Klaske* en *Klas* is /a/, wylst, foar it tosklûd /s/, it healiepeene efterlûd /ɔ/ ferwachte wurde mocht. As /a/ in ferkoarting fan in lange /a:/ is, dan kin er foar in tosklûd stean, sa't men dat hat yn bygelyks *hastich*, *hazze* en *master*. It koarte /a/-lûd fan *Klaske* wjerspegelet dus direkt de 'derivasjonale skiednis' fan dy namme út *Klaas* en yndirekt dy fan *Klas* út *Klaske*. Itselde soe men bygelyks hawwe kinne mei *At* /at/, in ferkoarting fan *Atsje* /atsjə/, op syn bar ôflaat fan *Ate* /a:tə/; en al bin ik de foarm *At* net tsjinkommen, hy liket my sûnder mear mooglik te wêzen (sjoch ek nulhypoteze (13) hjirnei).

Yn it twadde plak binne der ynkoarte nammen op *-{p/b}k*, lykas *Ypk*, *Wypk* en *Swobk*. De bylûden /p/ en /b/ binne de iennichste ploffers dy't it ferlytsingssuffiks *-ke* selektarje (*Yp~~e~~+ke* → *Ypke*, *Wib~~e~~+ke* → *Wypke*, *Swob~~b~~+ke* → *Swobke*). In ferlytsingsnamme op *-p/b+ke* kin op 'en nij ferlytse wurde, mar no, nei *-k*, mei it suffiks *-je*, wat altyd in frouljusnamme opsmyt: *Yp~~k~~+je* → *Ypkje*, *Wyp~~k~~+je* → *Wypkje*, *Swob~~k~~+je* → *Swobkje* (sjoch Visser (2003:295-296)). By it ynkoartsjen fan sa'n dûbel ferlytse namme komt it op in foarm mei de 'net-kanonike' einkloft *-pk/* of *-bk/* út. Yn net-gearstalde wurden komme dy net foar, wat in oanwizing is foar it ôflate karakter fan nammen lykas *Ypk*, *Wypk* en *Swobk*.¹² De ienfâldichste ferklearring foar sokke einkloften hat men mei de oannimming dat dy nammen ynkoartingen fan in ferlytsingsnamme binne.

Der binne, yn it tredde plak, mear froulike as manlike ferlytsingsnammen (Visser (2003)). Dat giet lykop mei it feit dat der mear froulike as manlike ynkoarte nammen binne. Mei de oannimming dat in ynkoarte namme fan in ferlytsingsnamme ôflaat wurdt, hat men in ferklearring foar dizze parallel.¹³

En ta beslút, de einichste sjwa fan in haadwurd en ek fan de grûnfoarm fan in persoansnamme wurdt systematysk skrast foar it ferlytsingssuffiks. Yn ferlytsingsnammen fynt men dy sjwa dus net werom, wat ek jildt foar de ynkoarte nammen dy't dermei korrespondearje.

Der binne, alles mei-inoar, dus de nedige oanwizingen dat in ynkoarte namme fan in ferlytsingsnamme ôflaat wurdt.

12. Sokke ûngewoane einkloften steane ûnder fonologyske druk, dat it hoecht gjin nij te dwaan, dat se bleat lizze foar ferienfâldiging. Sa fernijt Siebren Dyk my, dat syn earder buorfanke *Wypkje* dei en wei *Wyp* neamd waard, en net *Wypk*.

13. In ynkoarte namme komt jin yn 'e gewoane regel as in frouljusnamme oan. Men soe ditoangearde oan in eksperimint tinke kinne. Nim de ferlytsingsnammen *Gepke* en *Simke*, dy't foar froulju en manlju brûkt wurde kinne. Wêr tinkt in Fryskprater by de ynkoarte nammen *Gep* en *Sim* no as earste oan, in frou- of in manminske? Jins yntuysje seit: in frouminske. Dêr kin fansels in frekwinsje-effekt mei ûnder spylje.

2.3 In ôfliedingsskema foar ynkoarte nammen

De formele relaasje dy't in ynkoarte namme mei in ferlytsingsnamme hat, wurdt mei it skema yn (12) útdrukt:

(12) *ôfliedingsskema foar ynkoarte nammen*

ynkoarte namme = ferlytsingsnamme sûnder ferlytsingsuffixs

Dit skema is algemien formulearre, sûnder ferwizing nei spesifike klassen fan nammen en spesifike ferlytsingsuffixsen. Dat slút oan by wat neffens my as de nul-hypoteze oangeande (it foarmjen fan) ynkoarte nammen jilde moat:

(13) *nul-hypoteze oangeande (it foarmjen fan) ynkoarte nammen*

elke ferlytsingsnamme kin in ynkoarte wjergader hawwe

No is (13) te rom formulearre, want men komt dêrmei op tefolle ynkoarte nammen út, oars sein, der wurdt oergenerarre. Der liket nammentlik in rem op dit slach nammefoarming te wêzen, útdrukt troch de outputkondysje yn (14):

(14) *outputkondysje op (13)*

de ynkoarte namme moat leafst net gelyk wêze oan in al besteande namme

Neffens dizze kondysje binne ynkoarte nammen as *Foek* (< *Foekje*), *Jel* (< *Jeltsje*), *Rins* (< *Rinske*) en *Ibel* (< *Ibeltsje*) sûnder mear besteanber en akseptabel, wylst *Jan* (< *Jantsje*), *Wierd* (< *Wierdsje*) en *Hessel* (< *Hesseltsje*) der as ynkoartingen net op troch kinne of yn alle gefallen lang sa oannimlik net binne.¹⁴

14. Sa komt bygelyks de ynkoarte frouljusnamme *Pyt*, fan *Pytsje*, wol foar, wylst de manljusnamme *Pyt* ek al bestiet. Neist de frouljusnamme *Piterke* hat men lykwols net de ynkoarte namme *Piter*. Net allinnich is *Piter* in al besteande namme, it is ek nochris sa dat in namme op *-er* altyd in manljusnamme is, wylst by ynkoarting in frouljusnamme in frouljusnamme en in manljusnamme in manljusnamme bliuwt. Men hat hjir dus in strukturele beheining op it foarmjen fan ynkoarte nammen te pakken.

De ynkoarte foarm kin ek sa oanpast wurde, dat er der as in 'kanonike' ynkoarte namme op troch kin. Ut in rou-advertinsje wie op te meitsjen, dat *Hesseltsje* wol *Hes* neamd waard, nei alle gedachten om betizing mei de besteande manljusnamme *Hessel*, de reguliere ynkoarting fan *Hesseltsje*, foar te wêzen.

Wat it effekt fan (14) oangiet, is der in ferskil tusken grûnfoarmen dy't op in sjwa útgeane en grûnfoarmen dêr't dat net foar jildt. Nim, as earste, nammen dy't net op in sjwa útgeane en de dêrfan ôflate ferlytsingsnamme, bygelyks *Jan - Jantsje* en *Sjoerd - Sjoerdsje*. Mei *Jantsje* en *Sjoerdsje* komt it neffens skema (12) mei de ynkoarte namme wer op it útgongspunt, de grûnfoarm, út, hjir *Jan* en *Sjoerd*. Soks koe maklik foar betizing soargje, omdat *Jan* en *Sjoerd* dan in manljus- likegoed as in frouljusnamme wêze soenen, oars sein, it soenen nammen wêze dy't neffens de foarm op dit punt net faninoar te ûnderskieden binne.¹⁵ Komt it mei it ynkoartsjen fan in ferlytsingsnamme wer op it útgongspunt – de grûnfoarm fan de namme – út, dan feroaret der by einsluten neat en hat sa'n operaasje gjin funksje. De oannimming dêrby is, dat in morfologyske operaasje noait 'samar' of 'om 'e nocht' syn beslach krijt en altyd in beskate funksje hat, oars sein, dat der altyd in beskaat grammatikaal, pragmatysk of stilistysk effekt mei anneks is.

Mei nammen op in sjwa leit dit oars. De einichste sjwa fan de grûnfoarm fan de namme falt wei by it foarmjen fan in ferlytsingsnamme (krekt sa't men dat by ferlytsingswurdfoarming fan haadwurden hat). Yn sa'n gefal komt it neffens skema (12) by ynkoarting op in foarm út dy't ien wurdlied minder hat as de grûnfoarm, en dêrmei ferskille ynkoarte namme en grûnfoarm faninoar. Men krijt sa de trijeslach *grûnfoarm - ferlytsingsnamme - ynkoarte namme*, bygelyks *Hille - Hiltsje - Hil* en *Jouke - Joukje - Jouk*. Elk fan dy trije nammen hat syn eigen foarm en funksje. Dat is neffens it *One Form One Meaning-Principle*, dat seit dat der yn taal in (sterke) oanstriid is ta in ien op ien-relaasje tusken foarm en betsjutting, oars sein, dat de taalbrûker foarmen dy't faninoar ferskille graach oan in ferskil yn betsjutting of funksje keppelje wol (en dus leaver net oan ien en deselde betsjutting of funksje).¹⁶ It foarmferskil is krusiaal, want dêrsûnder kin men net witte oft men mei de grûnfoarm fan de namme of de ynkoarte ferlytsingsnamme te krijen hat.¹⁷

15. Sokke ynkoarte foarmen kinne wol gewoan ôflaat wurde, mar se binne yn 'e praktyk fan it nammeferkear net handich en nuttich.

16. It giet hjir, nettsjinsteande de namme, dus mear om in (sterke) tendins as om in (absolút) prinsipe.

17. Men kin ek op in oare wize fan in grûnfoarm mei mear as ien wurdlied op in ienwurdliedige namme útkomme, by flainammen bygelyks (sjoch Visser (2010)). In ynkoarte namme stiet lykwols systematysk in ferlytsingsnamme neist, en it is de ferlytsingsútgong dy't systematysk weifalt. Ferlykje yn dat ferbân bygelyks *Wys*, dêr't *Wysje* neist stiet, mei *Lys*, de flainamme fan *Lysbeth* (dat wer fan *Elisabeth* komt).

2.4 *problematyske útkomsten fan ynkoarting*

In wurd, en in namme dus ek, moat der fonologysk besjoen op troch kinne. By ynkoarte nammen hat dat der bytiden wol oan.

Krekt as by haadwurden spilet it einichste bylûd fan de grûnfoarm fan in namme in beskiedende rol by de seleksje fan it ferlytsingsuffixs. Yn 'e gewoane regel geane ynkoarte nammen út op it bylûd dat dy seleksje beskiedt. Meidat it foar dy seleksje neat útmakket, oft dat bylûd op himsels stiet of diel is fan in kloft, kinne ynkoarte nammen ek op in bylûdkloft útgean, lykas mei *Gelk* (neist *Gelkje*), *Gels* (neist *Gelske*) en *Syts* (neist *Sytske*). Oan 'e oare kant kinne se ek mei in bylûdkloft begjinne, lykas mei *Tryn* (neist *Tryntsje*), *Swobk* (neist *Swobkje*) en *Tsjep* (neist *Tsjepke*). Ynkoarte nammen hawwe dus net de ûnmarkearre fonologyske struktuer dy't sa karakteristyk is foar flaaïnammen (in skaaimerke dêr't yn de ynliding op wiisd is). Dy mear markearre foarm slút oan by de ferlytsingsnammen.

It Frysk hat in soad (frouljus)nammen op *-kje*, mei histoarysk sjoen dûbele ferlytsing, lykas *Lolkje* (Lolle+ke+je) en *Rinskje* (Rinse+ke+je) (Visser (2003:295-296)). Syngroan sjoen giet it hjir lykwols om inkele ferlytsing, dat neffens skema (12) falt by it ôflieden fan de ynkoarte foarm fan sokke nammen it suffixs *-je* derby wei.¹⁸ De *-k/*, dy't de seleksje fan *-je* beskiedt, kin dan foar in minder gebrûklik rym fan it wurdlied soargje,¹⁹ dat yn (15) yllustrearre wurdt.

(15) *fan nammen op -kje ôflade ynkoarte foarmen mei in problematysk rym*

a. Aafkje	Aafk
Etkje	Etk
b. Ymkje	Ymk
c. Earkje	Eark
Eelkje	Eelk

- Yn (15a) – *Aafk* en *Etk* – giet it om einkloften fan obstruïnten dy't men yn net-gearstalde wurden net hat. Yn ôflade foarmen, lykas *hifkje*, komt *-fk-* wol foar. In nominalisearring as *gehifk* (*Kinne wy no ek ris ophâlde mei dit*

18. Haadwurden op *-ŋ(ə)/* wurde ferlytse mei it suffixs *-je*. Tusken de stam en *-je* wurdt in */k/* ynfoege, dat by einsluten komt it út op in foarm op *-kje*, lykas yn *dinkje* (neist *ding*) en *tankje* (neist *tange*). De sekwinsje *-kje* yn dûbel ferlytse nammen is lykwols net bûn oan in foarôfgeande */ŋ/* en kin dan ek net lykslein wurde mei de útgong *-kje* fan ferlytsingswurden.

19. It rym fan it wurdlied is it rjochter diel, rekkene fan it lûd ôf. Yn *Eark* en *Eelk* falle wurd, wurdlied en rym fan it wurdlied dus mei-inoar gear.

gehifk en in beslút nimme?) is ynoarder. Yn § 2.2 hjirfoar hawwe wy al sjoen, dat nammen op *-{p/b}k*, lykas *Wypk* en *Swobk*, foarkomme, wylst der gjin net-gearstalde wurden op *-{p/b}k* binne.

- Yn (15b) – *Ymk* – hat men de net-homorgane kloft fan it twalippige noaslûd /m/ en de kielploffer /k/, wylst de kombinaasje fan in noaslûd en in ploffer oan ‘e ein fan in stam homorgaan wêze moat.²⁰ De kloft *-/mk/* hat men ek yn it bywurd *jamk*, dat in ôflate foarm, *evenlik*, as histoaryske basis hat (Hoekstra (1998b)). Sa kin in ôfwikende, net-kanonike wurdein de derivasjonele skiednis fan it wurd yn kwestje ‘ferriede’.

- Yn (15c) – *Eark* en *Eelk* – sit it probleem hjiryn, dat de kombinaasje fan de lange fokalske sekwinsje *ea/ee* mei de bylûdkloft *-rk/-lk* in te lang rym fan it wurdlid opsmyt. Yn ‘e gewoane regel komme mar allinnich de tosklûden /d,t,s,z/ oan ‘e ein fan sa’n (te lang) rym fan fjouwer posysjes foar, sa’t men dat hat yn bygelyks *deugd*, *naald*, *mient*, *krêft*, en *least*. /k/ is lykwols in kiellûd. Wurden op *-{/r/l}k/* binne hiel gewoan, mar dan mei in koart lûd, lykas yn *ark*, *merk*, *bjirk*, *wurk*, *kalk*, *elk*, *swilk* en *folk*.

Mar al hawwe de ynkoarte nammen hjirboppe allegear in minder gebrûklike foarm en binne se dêrtroch fêst ek minder gewoan, se komme likegoed foar.²¹

2.5 de formele ferantwurding fan de ynkoarting

It skema yn (12) seit: ynkoarte namme = ferlytsingsnamme sûnder ferlytsingsuffixs. Om fan in ferlytsingsnamme op in ynkoarte namme te kommen, moat it ferlytsingsuffixs dus skrast wurde.²² Dêrmei liket it foarmjen fan ynkoarte nammen in gefal fan ‘suffikssubtraksje’ te wêzen. Dat morfologysk prosedee komt yn it Frysk oars net foar. Yn ‘e Fryske morfology hat

20. Men hat ek de ynkoarting *Ym*, dêr’t dit probleem him fansels net foardocht.

21. Neist *Nynke* stiet *Nyn* /nin/, mei de ûnderlizzende einichste /n/, sa’t ek ferwachte wurde mocht, omdat de /ŋ/ yn *Nynke* kontekstueel, troch de /k/ dernei, beskaat wurdt. Sa steane neist bygelyks *Janke* en *Minke* de *y*-nammen *Janny* en *Minny*, mei de /n/ fan *Jan* en *Minne*, en net mei in /ŋ/. Mar *Jan* /jan/ en *Min* /min/ kinne der as de ynkoarte nammen fan *Janke* en *Minke* by my net op troch. By *Jan* soe men dat hjirop smite kinne, dat de /a/, foar it tosklûd /n/, op in fonotaktysk besjoen ferbean plak stiet, al hat /a/ yn frouljusnammen in apart plak, tink oan *Anne*, dat as manljusnamme as [ɔ:nə/oəɲə] en as frouljusnamme as [anə] útsprutsen wurdt (sjoch Visser (2016:116)). De foarm /jɔn/ is fonotaktysk sjoen yn ‘e es, mar as ynkoarte foarm fan *Janke* soe dy fansels maklik foar betizing mei de manljusnamme *Jan* soargje kinne. Sokke beswieren binne der net mei *Min*, mar dy foarm is by my like ûnmooglik as *Jan*. In ferklearring haw ik dêr net foar.

22. Neffens Hoekema (1986:55) kinne frouljusnammen “it suffiks falle litte”.

men wol ‘trunkaasje’, mar dêrby giet it om morfemen dy’t a) gjin betsjutting hawwe (saneamde augminten, helpstikjes) en b) allinnich skrast wurde wannear’t der in oar morfeem oan it wurd, en oan deselde kant derfan, taheakke wurdt. Sjoch (16) foar in pear foarbylden, allegearre út Hoekstra (1998a):

(16) *foarbylden fan trunkaasje*

grûnfoarm	ôflate foarm mei trunkaasje
Drachten	Drachten en +ster
sunich	súnich en +tsjes
gebrûk	(yn) ûngebrûk
ferbrizelje	teferbrizelje

Yn ‘e gewoane regel hat ôflieding yn it Frysk lykwols de foarm fan affigearing, d.w.s. it tafoegjen fan in affiks oan in stam. In affiks fertsjintwurdiget beskate ‘ynformaasje’. In affigearre foarm hat dan ek mear ynformaasje yn as de foarm dêr’t de affigearing op ynwurket. Nim it taheakjen fan it suffiks *-ing* oan in tiidwurdstam (lykas *lês* - *lêzing*) of *-ich* oan in haadwurd (lykas *stien* - *stiennich*). It suffiks *-ing* fertsjintwurdiget hjir primêr de ynformaasje ‘nominalisearring’ en *-ich* ‘adjektivisearring’, dy’t de stammen *lês* en *stien* net ynhawwe. Lit men it affiks wei, dan wurdt dy ‘ekstra ynformaasje’ ek wei en komt it wer op de tiidwurdstam en it net-ôflate eigenskipswurd út.

Fan in namme kin in ferlytsingsnamme foarme wurde. In gebrûklike ynstansjaasje fan ‘mear ynformaasje’ is hjir, dat de ferlytsingsnamme it skaaimerke <froulik> hat, wylst de grûnfoarm fan de namme dat net hat, bygelyks by de pearen *Ruerd* <manlik> - *Ruerdsje* <froulik> en *Wytse* <manlik> - *Wytske* <froulik>. By it ynkoartsjen fan in ferlytsingsnamme wurdt it suffiks weilitten. De ‘ekstra ynformaasje’ dy’t it ferlytsingsuffiks fertsjintwurdiget, bliuwt lykwols beholden: in ynkoarte frouljusnamme bliuwt in frouljusnamme.²³ Dat jildt ek foar de morfonologyske effekten – dy meitsje ek ynformaasje út – dy’t ferlytsing op de grûnfoarm fan de namme hat of hawwe kin, t.w. sjwa-deleesje, brekking en lûdferkoarting. Mei it weifallen fan it affiks wurdt de ‘ekstra ynformaasje’ net wei, oars sein, it

23. Al binne der gâns mear froulike as manlike ferlytsingsnammen, dy lêsten komme wol foar, lykas *Tsjepke* en *Wopke* (Visser (2003)). De ynkoarte foarmen dêrfan binne de manljusnammen *Tsjep* en *Wop*. Sa’t in ynkoarte frouljusnamme in frouljusnamme bliuwt, sa bliuwt in ynkoarte manljusnamme dus in manljusnamme.

weifallen fan it affiks liedt net ta de folsleine ‘restauraasje’ fan de grûnfoarm fan de namme.

Neffens de outputkondysje yn (14) moat de ynkoarte namme leafst net gelyk wêze oan in al besteande namme, oars sein, der moat in foarmferskil wêze tusken de ynkoarte ferlytsingsnamme en de grûnfoarm fan de namme dêr’t de ferlytsingsnamme fan ôflaat is.²⁴ Yn § 2.3 haw ik yn dit ferbân it *One Form One Meaning-Principle* yn stelling brocht: der is yn taal in (sterke) oanstriid ta in ien op ien-relaasje tusken foarm en betsjutting, oars sein, de taalbrûker wol foarmen dy’t faninoar ferskille graach oan in ferskil yn betsjutting of funksje keppelje.

No is homonymy – it foarkommen fan neffens de foarm gelikense, mar neffens de betsjutting ûngelikense wurden – in tige algemien ferskynsel (besjoch mar ris in pear siden yn likefolle watfoar wurdboek). Nammen lykje dêr lykwols in tsjinnichheid yn te hawwen. Dat hat fêst te meitsjen mei in ferskil yn funksje tusken nammen en ‘gewoane wurden’. De lêsten hawwe in leksikaal-konseptuele betsjutting en der wurde konsepten mei oantsjut, wylst de earsten earst en meast in identifisearjende funksje hawwe. Foar dat lêste is in ien op ien-relaasje tusken foarm en funksje it bêste. Dêrby liket it net ûnlogysk dat it ien fan de wichtichste identifisearjende funksjes fan nammen is om manlju en froulju útinoar te hâlden, yn oansluting by in fûneminteel ûnderskied binnen de minsklike soart.

Dat wol net sizze, dat in namme yn begjinsel noait foar manlju én froulju brûkt wurde kin. By ferlytsingsnammen, flainammen en y-nammen komt dat foar, by de lêste twa typen sels in soad. Dat binne lykwols allegear ôflate nammen, dy’t yn in beskate relaasje steane ta oare nammen, dy’t yn ‘e gewoane regel foar manlju óf froulju brûkt wurde. Datoangeande steane grûnfoarmen mear op harsels. It leit yn ‘e reden, dat men dêrmei primêr nei manlju óf froulju ferwize kinne wol.

It ferskil tusken in ferlytsingsnamme en de dêrmei korrespondearjende ynkoarte namme is suver formeel fan aard: de oanwêzichheid (ferlytsingsnamme) vs. de ôfwêzichheid (ynkoarte namme) fan it ferlytsingssuffiks. In formele morfologyske regel foar de foarming fan ynkoarte nammen wurdt yn (17) jûn:

(17) *regel foar it foarmjen fan ynkoarte nammen*

$$[X]_{\text{namme}+\text{DIM}} \rightarrow [X]_{\text{namme}}$$

24. Sa’t oan de pearen nammen yn (10) te sjen is, kin dat foarmferskil ek suver fonologysk fan aard wêze.

Sa't hjirfoar opmurken is, hat ôflieding yn it Frysk yn 'e gewoane regel de foarm fan affigearing, it tafoegjen fan in affiks oan in stam. Suffiks-subtraksje is net in regulier morfologysk prosedee. It liket oars wol foar te kommen. Sa is yn it Nederlânsk op basis fan it ferlytsingswurd *toetje* (*toe+tje*) it wurd *toet* foarme²⁵. It opfallende is hjir a) dat der in werstrukturearring west hawwe moat (*toe+tje* → *toet+je*) en b) dat it wurdslachte feroaret: *het toetje* wurdt *de toet*, sa't ek bliken docht oan de bûging fan it eigenskipswurd: *een lekkere toet* vs. *een lekker toetje*. Yn it Frysk haw ik wol heard dat fan it ferlytsingswurd *suertsje* 'slop, ûnwis persoan; immen dy't net doar, neat weaget' de fariant *suert* brûkt wurdt (*Wat in suert!*, *Dat is wol sa'n suert!*). Oft it wurdslachte dan ek feroaret – *it suertsje* wurdt *de suert* – doar ik net sizze. Unoannimlik liket soks oars net te wêzen, foaral ek omdat mei *suert* in persoan oantsjut wurdt en oantsjuttingen fan libbene wêzens meast *de* as lidwurd hawwe.

No binne *toet* en *suert* losse, ynsidintele gefallen. Systematyske suffiksubtraksje wurdt allinnich brûkt foar it ôflieden fan ynkoarte nammen. Mar nammen hawwe wol mear bysûndere morfologyske eigenskippen neffens de oare wurdsoarten, sa't de Dútske nammekundige Damaris Nübling yn ûnderskate publikaasjes sjen litten hat (lykas yn Nübling (2017)).

3. Gebrûksaspekten fan ynkoarte nammen

By it brûken fan ferlytsingsnammen, flainammen en y-nammen – by it iene type faaks wat mear as by it oare – steane *ynlikens* en *tearens* foarop. De ynkoarte nammen dêrfoaroer lykje krekt de *flinkens*, *kordatens* en *robústens* fan de drager fan de namme te beklamjen. Dat komt moai út yn it sitaat út Schurer (1939:20-21) yn (18)²⁶:

25. Yn Grins is der in (frij nije) saak dy't himsels as 'het Toetjesparadijs' affisearret. De namme dêrfan is *Toet*. Hjir kin ek wurdboarterij mei anneks wêze: it *toetje* krijt men troch de *toet* yn it liif.

26. Op side 6 fan de earste jefte fan it blêd *De Nije* (desimber 2018) stiet in fraachpetear mei Lutz Jacobi (foarsitter fan 'e Waadferiening). De kop boppe it artikel is: "Lutz stoerder as Lutske". Yn it artikel seit frou Jacobi: "Doe't ik in jier of sechtjin, santjin wie, hie ik in freondinne dy't Wietske hjitte. Op in dei hawwe wy besletten om ússels net mear Wietske en Lutske te neamen, mar Wietz en Lutz, dat fûnen wy stoerder". De ynkoarte namme wurdt hjir kleardernôch mei de eigenskip/it konsept 'stoer' asso-sjearre.

(18) *sitaat út Schurer (1939)*

Voor Friesche ooren klinken die vrl. namen kort, afgebeten, ferm en stoer, “stûf” zegt de Fries. Ze roepen onwillekeurig historische gestalten op van fiere edelvrouwen, zittende op strijdparden, de teugels in de linker-, het zwaard in de rechterhand. Er zijn ook Friesche Kenau’s geweest!

En het zijn dezelfde namen, die nog heden ten dage de schoolmeisjes, spontaan als ze zijn in de hitte van het spel, –met verwaarloozing van latere, zachtere vormen elkaar toeroepen: “Do moast, *Sjouk!* ‘t Is dyn beurt, *Hylk!* Né *Foek*, det ‘s net earlik en do kreauwst (schelmen) ek mei, smoarge *Lutsk!*”

Al kinne se út mear as ien wurdlied bestean, ienwurdlieddichheid is karakteristyk foar fierwei de measte ynkoarte nammen. Neffens Schurer hearre sokke nammen de Friezen as “kort” en “afgebeten” oan, dêr’t er yn ien sike de kwalifikaasjes “ferm en stoer (“stûf”)” oan taheakket. Soe it no sa wêze kinne, dat dy ienwurdlieddichheid de konnotaasje ‘flink’, ‘kordaat’ en ‘robúst’ opropt? Of moat men dy prinsepeal op rekken skriuwe fan it missen fan de ferlytsingsútging? Hoe dan ek, der liket ditoangeande in ferskil te wêzen tusken bygelyks *Hil* en *Ibel* oan ‘e iene en *Hiltsje* en *Ibeltsje* oan ‘e oare kant. Dat wol lykwols net sizze, dat in ynkoarte namme net in hypokorisme is. Beskiedend liket my hjir ta, dat de ynkoarte namme oars is as de grûnfoarm. Dy ôfwiking jout sa’n namme in net-neutraal karakter en dêrtroch drukt er in beskaat ‘affekt’ út.

Hypokorismen wurde op ûnderskate wizen brûkt. Ferlytsingsnammen en ynammen hawwe it meast fan gewoane, neutrale persoansnammen en ien dermei oansprekke is dan ek hiel gewoan. Dat is oars mei flainnammen en ynkoarte nammen. Dy kinne skoan as oantsjutting fan spesifike persoanen brûkt wurde, mar ien dermei oansprekke liket mear foarbeholden te wêzen oan minsken dy’t de persoan yn kwestje goed kenne. Ynkoarte nammen lykje ek net oan bern jûn te wurden. De konnotaasje fan ‘flinkens’, ‘kordatens’ en ‘robústens’ liket net goed te passen by lytse poppen. Fierders falt it op, dat men ynkoarte nammen minder yn rou-advertinsjes sjocht as de oare hypokorismen. Men koe jin yntinke, dat de neibestenden de ‘flinkens’, ‘kordatens’ en ‘robústens’ fan de ferstoarne net beklamje, mar it byld fan him/har leaver ‘fermyldzje’ en ‘fersêftsje’ wolle. Mar dat is út soarte in frijwat spekulative ‘ferklearring’.

4. *By einsluten*

Yn dit stik haw ik oannimlik meitsje wollen, dat in ferlytsingsnamme in ynkoarte foarm neist him hawwe kin. De formele relaasje tusken dy twa lit him beskriuwe mei it skema ‘ynkoarte namme = ferlytsingsnamme sûnder ferlytsingssuffiks’. Ynkoarte nammen nimme de formele en semantyske eigenskippen fan ferlytsingsnammen oer en binne yn dy sin ‘parasitêr’ fan aard. Dat hat men ek mei y-nammen, dy’t op flainammen ‘parasitearje’ en dêr eigenskippen fan oernimme kinne (lykas by *Durk* (grûnfoarm) - *Dukke* (flainamme) - *Ducky* (y-namme)).

As wy de ynkoarte nammen yn passe yn it oersjoch yn (4) hjirboppe, dan kin dat útwreide wurde ta (19):

(19) *oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, flainammen, y-nammen en ynkoarte nammen*

	ferl.namme	y-namme	flainamme	ynk. namme
man & frou	+	+	+	+
‘rekursiviteit’	+	-	+	-
suffiks	+	+	-	-
trogee	+/-	+	+	-
tal wurdliden	≥ 2	2	≤ 2	1(2)

Oan (19) kin ôfnommen wurde, dat ynkoarte nammen in eigen plak yn it lânskip fan de Fryske hypokorismen hawwe.

Fryske Akademy
Ljouwert

Rijksuniversiteit Groningen
Frysk Ynstitút

LITERATUER

Hoekema, T. (1986)

‘Brekking en lûdferkoarting yn eigennammen’, *Us Wurk* 35, pp. 55-56.

Hoekstra, J. (1998a)

Fryske wurdfoarming, Ljouwert, Fryske Akademy.

Hoekstra, J. (1998b)

‘*Iampk ist en iette iamcker wirtet mecke: Jitris oer it komôf fan Nijfrysk jamk*’, *It Beaken* 60, pp. 1-14.

Nübling, D. (2017)

‘The growing distance between proper names and common nouns in German: On the way to onymic schema constancy’, *Folia Linguistica* 51, pp. 341-367.

Schurer, B.J. (1939)

De Friesche eigennamen verklaard door B.J. Schurer, Populair-wetenschappelijk voor het Friesche en Nederlandsche Volk beide. Merkwaardige Afkomst Vorming Beteekenis. SLEUTEL voor de VERKLARING van het grootste deel der NEDERLANDSCHE FAMILIE- EN PLAATSNAMEN. Samenhang met taalwording? Uitgave van den schrijver, Den Dolder 1939.

Visser, W. (2002)

‘Brekking as ferkoarting: in diagroane analyze’, *It Beaken* 64, pp. 187-246.

Visser, W. (2003)

‘Patroanen yn ferlytsingsnammen’, yn: P. Boersma e.o. (red.), *Philologia Frisica anno 2002*, Ljouwert, Fryske Akademy, pp. 263-305.

Visser, W. (2010)

‘Flaainammen yn it Frysk’, *Us Wurk* 59, pp. 1-78.

Visser, W. (2016)

‘y-nammen yn it Frysk’, *Us Wurk* 65, pp. 91-145.